De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 46 nûmer 1 **oktober 2015**

Redaksje:	Adres:	tillefoan:
Tryntsje Bouma	Pieter Coopmanstraat 29, 8701 BN Bolsward	
Bauke Dijkstra	Griene Leane 17, 8734 GP Easterein	06-44057088
Metsje Huitema	Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295
Sjoerd van Beem	M.O.H.strjitte 10, 8731 AG Wommels	06-48713325
Willem Wijnia	De Homeie 27, 8731 EC Wommels	0515-331444
Tjerk van der Pol	Geins 5, 8731 CR Wommels	

Ynternetredaksje: Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:		tillefoan:	funksje:
Willem Wijnia	De Homeie 27, 8731 EC Wommels	0515-331444	Foarsitter
Gida Heerma	Pipegaal 11 8731 DB Wommels	0515-332227	Skriuwer
Baukje de Jong	v.Eysingaleane 22, 8734 GD Easterein	0515-852400	Ponghâlder
Robert Schilkamp	Hofkamp 33, 8731 BT Wommels	0515-331816	Foarsitter jongerein
Syb Overal	Streek 30, 8734 GR Easterein	06-51261950	Wedstrydsekretaris
Tina Wiegers	P. ten Bokumstrjitte 15, 8736 JG Reahus	0515-331365	Ledenadministraasje
Bauke de Boer	A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein	0515-332555	PR en Reklame
Durk Okkema	Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein	0515-333005	Sen./Technyske saken
Oetze Paauw	Skippersbuorren 11 8734 GT Easterein	0515-332094.	Skoalleseize

Jongereinkommisje:	funksje:
Robert Schildkamp	Foarsitter
Willem Overal	Algemien lid
Rinske Joustra	Algemien lid
Lize Schuurmans	Algemien lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema
Koördinator SDS 1 en 2: Fakant
Koördinator SDS 3 en 4: Ids Boersma
Koördinator sealfuotbal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Fakant

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS 2015-2016:

Fakant	Foarsitter
Jan-Rinse Blanksma	Skriuwer
Douwe Reitsma	Coördinator A- en B-junioren
Ferry Korbach en Theo Postma	Coördinators C-junioren
……..	Coördinator D-pupillen
Folkert-Rients Vellinga	Coördinator E-pupillen
Hans van der Schaar	Coördinator F-pupillen

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl	=> Willem Wijnia
Ponghalder@vv-sds.nl	=> Baukje de Jong
PRcommissie@vv-sds.nl	=> Bauke de Boer
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl	=> Syb Overal
Ledenadministraasje@vv-sds.nl	=> Tina Wiegers
Sekretaris@vv-sds.nl	=> Gida Heerma
TC-foarsitter@vv-sds.nl	=> Durk Okkema
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl	=> Robert Schildkamp
Accomodatie@vv-sds.nl	=> Oetze Paauw

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Bauke de Boer	Shirtsponsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Hendrik Engbrenghof	Treffer en website
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Pep de Boer	Administraasje
Enne Bruinsma	Algemien lid

Aktiviteitenkommisje: fakant

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, A's en seal: Jappie Wijnia, de Jister 3A, 8731 EB Wommels. tel:0515-332245
Jeugd B, C en D's: Pieter de Boer, 't Bosk 37 TE, 8731 BJ Wommels tel: 06- 10018187
Jeugd E, F en wedstrydplanning: Syb Overal,Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-51261950

Skiedsrjochterkoördinator:

Auke Eringa Email auke.saskia@hotmail.com Tel 0515 33 26 49

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein: tillefoan:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein 0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelaasje: NL60RABO0349501033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer: Tillefoan:

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	……
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Gelf Ykema, Klampe 4, 8734 GS, Wommels	06-12333448
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Reahûs/Turns:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Grits 14, 8732 EJ Kubaard	0515- 332649
Hidaard:	Harm Bergsma, Skoallestrjitte 46, 8734GN Easterein	0515-332476
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/1/2015) :

Senioren fjildfuotbal:	€ 64,20	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 46,25	it healjier
A- en B-junioren:	€ 51,-	it healjier
C-junioren:	€ 42,90	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 34,95	it healjier
F-pupillen:	€ 30,35	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.
Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.
In programmaboekje kostet foar foar leden, sponsers en freonen fan SDS **€1,-**.

Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Jehannes Bruinsma (till. 0515-332013).

Stipers

Mear ynformaasje by Enne Bruinsma (0515-332013)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden,** aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia **"oan-/ôfmelde"**.
Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.
By fragen kinne je kontakt opnimme mei Tina Wiegers (till. 0515-331365).

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as jim heleas ôfmelde moatte/wolle
Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder enz.)
Hjirfoar binne twa data: foar 15 juny en 1 desimber.
By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurdde, dit is omdat SDS dan ek ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

10 desimber 2015

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.
Leafst oer de E-mail.
E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan it bestjoer

Wy steane oan it begjin fan in seizoen wêr 't in soad stiet te barren. Mei syn allen sjogge wy út nei in keunstgersfjild sadat alles neffens de ferwachtingen wat maklijker wurde sil. Der is dan mear romte om te trainen en sneons sille der net folle wedstriden ôflast wurde om 't it om it fjild net kin. It betsjut wol dat der no in soad ymproviseard wurde moat en dat is wolris lestich. Op woansdei 28 oktober hawwe wy in ledengearkomst en ik wol hjirby eltsenien oproppe om efkes del te kommen sadat wy mei syn allen yn de beste oplossingen foar SDS tinken bliuwe kinne. Wy doggei t ommers mei ús allen!
(WW)

Ledengearkomst vv SDS op 28 oktober!	Ruun Ogoni oan it wurd	In fruitmandsje foar Pieter de Vries
Voetbalvereniging S.D.S. Oosterend anno 10 augustus 1947		
side 6	side 18	side 30

Ynhâld

Fan it bestjoer 3

Fan de redaksje/Fan it jeugdbestjoer 5

Útnoeging Ledengearkomst vv SDS op woansdei 28 oktober 6

Nij Trefferedaksjelid / Skoalleseize 2.0 7

Noppen & Naaldhakken; Amarins Tjalsma 8

Ljocht op in sponser: Keuning 12

Hite nútsjes 16

Kees' kollum: S-N-O-R langs de lijn. 17

Oan it wurd: Ruun Ogoni 18

Hoe is it mei Kristiaan Gaastra 19

Fjirde man/Efkes foarstelle oan Rinske Joustra 21/22

ALCOHOL, 18+ Skoalleseize, KF en SDS 23

SDS Look-a-likes (13) 26

Persoanlik: Jarno van der Weij 27

In fruitmandsje foar Pieter de Vries 30

It nije B-fjild 31

Út de âlde doaze / Doelpuntenmakkers 32/34

Aginda 36

Fan de redaksje

Bêste Trefferlêzers,
We libje op dit momint yn in digitaal tiidperk. Tablets en mobyle tillefoans bepale it strjitbyld. Sûnder Facebook en Twitter witte wij eins net mear wat der op de wrâld geande is. Wêr we in oantal jierren lyn noch oan de bar sieten mei it bierke yn de hân en de tillefoan op de bar, sitte we no oan de bar mei de tillefoan yn de hân en it bierke op de bar. Mei syn allen dom ouwehoere oan de grutte stamtafel hat plak makke foar de groepsapps, en in appke as smske is in legaal middel wurden om je ôf te sizzen foar in wedstriid as training. It is it tiidperk fan de fjouwerkante eagen en spierpyne yn de tomme. Mar tiiden ha tiiden en we moatte mei syn allen wol meidwaan om in bytsje op de hichte te bliuwen fan alles. Mar wat is it dan moai dat der no wer in âlderwetse papieren Treffer op jim matte leit. In Treffer wêryn wij tegearre mei ús nije redaksjelid Tjerk van der Pol wer opsyk gien binne nei moaie ferhalen, djipgeande gesprekken en boeiende berjochten. As jo ek sa graach fjirder lêze wolle, meitsje dan jo finger in bytsje wiet en sla âlderwets de bladzide om. ‘Swipe’ wurket spitich genôch noch net. Út namme fan de redaksje, in soad lêswille tawinske!
(BD)

Fan it jeugdbestjoer

En zo is de eerste helft van het de competitie 2015-2016 al weer begonnen. Hier en daar loopt het helaas nog niet helemaal soepel maar daar wordt aan gewerkt. De mannen van de A1 zitten nog in de race voor de beker!
De jongens en meid van de F3 spelen voor het eerst competitie en dit gaat heel goed. Na de winterstop zal er ook een F4 team bij komen.
Verder zijn we weer druk bezig met de voorbereidingen van het Meinte Sixma toernooi wat in de herfstvakantie wordt gehouden.
Ook dit jaar hopen we weer mee te kunnen doen met de Poeisz sponsoractie. December krijgen we te horen of we zijn ingeloot.
Alle teams heel veel succes de rest van de 1e seizoenshelft.
Rinske Joustra

Útnoeging ledengearkomst

fan fuotbalferiening SDS op
woansdei 28 oktober 2015
Jûns om acht oere yn'e kantine op
Sportpark de Skoalleseize.

Voetbalvereniging
S.D.S.
Oosterend
anno 10 augustus 1947

Wurklist:

1. Iepening
2. Fêststellen fan de wurklist
3. Meidielings en/of reaksjes op notulen en jierferslach **
4. Ferslach fan de sponser kommisje
5. Ferslach fan de jongerein kommisje
6. Jierferslach fan de ponghalder en fêststellen fan de begrutting
7. Ferslach kas kommisje en ferkiezing nij kommisje lid
8. Feststellen kontribusje

9. **SKOFT**

10. Bestjoersferkiezing:

Ôftredend: Durk Okkema, foardracht fan it bestjoer Pieter Kamstra
Ôftredend: Robert Schildkamp, net herkiesber
Ôftredend: Gida Heerma – Kooistra, net herkiesber
Oantreden yn plak fan Andre Vink, Syb Overal

11. Skoalleseize
12. Rûnfraach
13. Sluting

** It ferslach fan de foarige ledegearkomste en it jierferslach kinne jim fanôf 21 oktober opfreegje by gidaheerma@ziggo.nl

Meiinoar binne wy SDS dus oant sjen op woansdei 28 oktober.

It bestjoer

Efkes foarstelle:
Nij Trefferredaksjelid Tjerk van der Pol

Zoon van één van de mannen die in Heeg ooit met voetbal begonnen zijn, met van de pastoor cadeau gekregen kicksen. SDS ken ik dan ook in eerste instantie als tegenstander. Ik moet vroeger regelmatig tegen mijn huidige clubleden en Efkes Balje-teamgenoten, gevoetbald hebben. Verder ken ik SDS van Anne Ypma die als import Heegemer, SDS altijd hoog heeft gehouden en een slechte dag had als SDS in Heeg verloor. In die zin heb ik de omgekeerde weg gevolgd, hoewel het nu niet zo is dat ik baal als SDS, welk team dan ook, wint van Heeg. Toch ben ik wel een clubman. Ik speel ook een beetje een dubbelrol. Ben soms als leider van de A's de irritante man in de dug-out, waar ik als scheidsrechter op het veld juist zo'n hekel aan heb. Ik zou dus als scheidsrechter en vader van drie voetballende zonen, beter moeten weten. Waarschijnlijk gebruik je langs de lijn een ander soort adrenaline dan als scheidsrechter, andere hersenhelft ook denk ik. Ik kan het weten want ik werk in het ziekenhuis in Sneek als afdelingshoofd PAAZ (psychiatrie) en Geriatrie, echte hoofdzaken dus. Het feit dat ik hoofd- en bijzaken van elkaar kan scheiden helpt me bij mijn grote hobby, het schrijven van stukjes en interviews. Voorheen in Diggelfjoer, doarspskrantsje fan Wommels en vanaf nu dus in de Treffer. Hoop dat u het leuk vindt!
Tjerk van der Pol

Skoalleseize 2.0

Bouwvakkerbusjes en tractoren in plaats van voetballers op de velden. De lijntrekkers met de witte kwast in de box in plaats van op het veld. Keihard is er gewerkt om de Skoalleseize weer up to date te krijgen. Iedereen kan het resultaat zien: een puntdak op de boxen, nieuwe ramen, nieuwe vloeren, deuren in de verf, bankjes perfect in de lak aan de muur. Nieuwe douchewanden en nog veel meer veelal onzichtbare werkzaamheden zijn er uitgevoerd. Wat staat er nog meer op stapel?
Marrie Eringa-Dokter, voorzitter van Stichting Skoalleseize, zegt er het volgende over: "Op dit moment zijn de projecten kleedboxen en B veld afgerond en het is prachtig geworden! De financiële balans wordt momenteel opgemaakt en zal helemaal helder worden als in de loop van deze maand de BTW aangifte 3e kwartaal is opgemaakt. Ondertussen is de 'werkgroep kunstgras' alweer bij elkaar geweest. Het is nog steeds de bedoeling het kunstgras in 2016 te realiseren, een echte planning is voor zover ik weet nog niet gemaakt.

(TvdP)

Noppen & **Naaldhakken**

oer froulju, fuotbal en oare wichtige saken

Amarins Tjalsma

Amarins, 21 jier, wennet yn Easterein. Se studearret Mileukunde yn Ljouwert, op de hegeskoalle: van Hall Larenstein, se sit yn har 3e jier. Amarins is ien fan de froulju mei de measte fuotbalûnderfining en dat allinne by SDS. Se gie fan de jeugd by de jongens, nei DA1 en sit no alwer in tydsje by VR1. Ik wie benijd nei har ferhaal.
Yn dyn jeugd hasto altyd al fuotballe by SDS. Mei de jierren mei de froulju, op hoefolle jier komme we dan?

Ik wie 8 jier doe't ik begûn yn de E4, dat wie yn 2002. Dêrnei bin ik yn 2007 by de froulju te lâne kommen. Wat ûndertusken ek alwer 8 jier lyn is. Ast it sa útrekkenest komst dus op sa'n 13 jier en der sille fêst noch wat jierren by komme, want ik bin noch net fan plan om te stopjen.

Wat is dy altyd by bliuwn doe 'ast as famke by de jonges fuotballe?

Dat se it op skoalle mar raar fûnen, want fuotbal wie in jongessport en dat hearden famkes net te dwaan. Der ha ik my nea wat fan oanlutsen, want ik fûn it in pracht spultsje. Tsjinwurdich is it in sport foar jonges én famkes en is it sels stoer ast it spultsje beoefenest as famke.

Yn it fjild, tochten de tsjinstanners faak dat dat famke net fuotballe koe en hiene se de gek der mei. Der hiene se harren dan behoarlik op fersjoen as dat selde famke se dernei útspiele of de bal ôfpakte. Fierder waard der yn de lettere jierren altyd troch de lieder in skiedsrjochterhokje regele, wer't de famkes dan douche koeden. Ik moat wol sizze, de skiedsrjochters ha it goed foar inoar!

Fanút hokker team kaamdest doe by froulju fan SDS? En hoe befoel dat?
Ik siet yn it twadde jier fan de D's tegearre mei Mette Postma, ik mien yn de D3, doe't se dwaande wiene om in famkes team op te rjochtsjen. André Vink hat ús doe frege of we ek nei de famkes woene yn plak fan troch te streamen nei de C's. Der ha ik earst wol efkes oer neitinken moaten, want sy begûnen krekt en moasten alles noch leare en wy koene al in bytsje balje. Derby wiene sy ek noch ris 3/4 jier âlder en dat is wol wat ast noch mar 12/13 jier bist. Úteinlik ha we dochs keazen foar de famkes, want dat wie de takomst. Doe't we echt yn DAJ sieten, binne we goed troch de famkes opfongen en ha se der foar soarge dat wy ús ek thús fielden .

As't no werom koedest nei de jongens, soedest dat dan dwaan?
Nee, ik ha it tige nei myn sin by de froulju. Derneist leit it tempo en it nivo ek heger. Ik moat wol sizze dat in tydsje yn de jeugd by de jonges spylje hielendal net ferkeard is. Je wurde der nammentlik wol hurder fan, sa 'beuke' de jonges der mear yn en binne se net benaud om in bal op te fangen of te koppen.

Neffens my hast doe sa'n 6 jierren mei wat 'aldere famkes' fuotballe en doe waard de boel omswitchst, wêrby in de measte fan dy âldere froulju beslúten om te stoppen. No bist ien fan de âldsten, hoe is dat?
Oant 2014 ha we spile mei it team dat yn 2007 begûn is, no ja, foar it grutste part dan. Der wiene yn de tusken tiid fansels wol wat froulju ophâlden, mar sa binne der ek wer nije froulju foar yn it plak kaam. Sûnt ferline jier sit ik yn it nije froulju team, wer ik yndied ien fan de âldsten bin. Ik fernim persoanlik net folle fan it leeftiidsverskil, we kinne allegearre goed mei inoar opsjitte en elkenien wurd der ek by belutsen.

Hoe is it om te fuotbaljen mei dyn suske Dagmar?
Dat hat sa wol syn foardielen as neidielen. Sa is der altyd ien wer ast mei prate kinst oer de wedstriden of oer de trainingen, dan giet it meastal oer hoe it gie en wat der bygelyks better koe. Mar dat leveret soms ek noch wolris diskusjes op, want dan is der wer ien fan ús twa it der totaal net mei iens. Fierder motivearret it ek wol, want we probearje inoar ek wol te oertreffen. Sa wol de iene fansels krekt wat better wêze dan de oare, dat kin yn fan alles wêze. Ien fan dy dingen is ûnder oare de skoarde doelpunten. Sa baalde ik in bytsje dat Dagmar skoarde en de bal der fan my der mar net yn woe. Lokkich is dat ûndertusken wer rjocht setten en rin ik no wer in doelpunt op har foar. Nee, mar sûnder healwiizjen, we gunne it inoar fansels wol en we ha beide it selde doel: sa heech mooglik einigje yn de kompetysje.

Neffens my sist no hartstikke op dyn plak. Op hokker posysje stiest hjoedtedei?
Ik ha it geweldich nei myn sin. We ha in leuk en gesellich team, wat op it momint ek noch goed prestearret. Sa steane we op dit momint earste yn de kompetysje en binne we in ronde fierder yn de beker. Mar we binne der noch lang net en der falt ek noch genôch te learen.
By de jonges en it âlde froulju team ha ik sawol yn de ferdigening as op it middenfjild spile, derneist ha ik sels wol as reserve-keeper funksjonearre. Hjoed-de-dei spylje ik foaral yn it sintrum fan it middenfjild, mar ast noadich is spylje ik ek noch wol ris sintraal efteryn.
Wolst fjirder noch wat kwyt? Oer de klup? Oer de gang fan saken fan it frouljusfuotbal by SDS?
Ik fyn dat SDS wol ris mear oandacht mei bestede oan oare teams, it draait hjir nammentlik te folle om it earste. Der binne mear teams, sawol froulju, jonges as famkes.
Tige tank foar dyn iepenheid en tiid foar de Treffer. Neffens my presteare de froulju fan SDS it bêste op it momint, set dit troch! Sukses! (TB)

Betink in ûnderskrift

Op de webside fan SDS koenen jim in prachtige foto besjen fan Feiko Broersma, Hendrik de Jong en Teun Heeres, makke troch Henk Bootsma, tidens de wedstryd SDS 1 – Waterpoort Boys 1. Wy fregen jim in aardich ûnderskrift te betinken:

Hjir de reaksjes:

“De barman freget Teun hoefolle bier hy hawwe wol, mar die seit dat Hendrik bestelle sil.Hoefolle bier bestelt Henkie eins...”
Hendrik Engbrenghof

“De SDS’ers en WPB’ers roppe en raze: ‘Dooitze!! Pieter hjir/hier komme, de keeper/Stefan hat him yn ‘e bal ferslikt”
Fedde Wiersma

“Kom gau Brend, jou heit mar in tútsje op syn snútsje!”
Teade de Boer

“Meneer, meneer……..ik weet het, ik weet het …… mag ik het zeggen?”
Jelle Wiersma

"In nije holle foar de keeper graach!!"
In wepmaster

It ljocht op in sponser: Keuning

Gjin inkele feriening kin sûnder harren stipers. Ek wij net, en dêrom binne wij ek tige wiis mei alle stipers dy der meielkoar foar soargje dat ús feriening bestean kin. Wij sille jimme yn de Treffer sa no en dan yn de kunde komme litte mei ien fan ús stipers, sadat se de oandacht krije dy se fertsjinje. Dit kear giet it om in bedriuw dat krekt lyn stiper wurden is fan S.D.S. As jim fanút Easterein Itens binnenride dan sjogge jim oan de rjochterkant in moai opknapt hûs en terrein. Fanút dit pand oan de Hearedyk 2 yn Itens docht dit ynstallaasjebedriuw harren wurk.
Wij skine ús ljocht op Koning Installatietechniek út Itens.

KONING
INSTALLATIETECHNIEK

Yn dizze tiid fan it ynternet is it maklik om wat te witten te kommen oer in bedriuw. Jo moatte allinich it paad efkes fine. En dat paad begjint eins altyd op Google, de sykmasjine dy mear wit dan ús allegear bijelkoar. As wij dêr Koning Installatietechniek yntikke, dan komme wij al snel út op de moaie webside fan ús stiper. Ik wit net at it bewust dien is, mar de swart/wyte kleur fan S.D.S hat de oerhân op de webside. Ûnder it tapbled “over ons” kinne wij lêze dat Koning Installatietechniek in mearsidich bedriuw is mei in soad ûnderfining yn it ynstallaasjefak. Se binne der foar al jo ynstallaasjewurksumheden wêrby persoanlik kontakt en in yndividuele oanpak sintraal stean.
Se hâlde harren dwaande mei in ferskaat oan projekten sa fâlt te lêzen. Fan gas, wetter en elektrysk oant sinnepanielen, en fan sanitêr oant ferwaarmingen. Sawol bedriuwen as partikulieren kinne hjir terjochte. Op de webside stean ek in oantal projekten wêr se mei dwaande binne of west binne. Wij fine hjir ûnder oare foto’s fan moaie bûtenferljochting yn Weidum, in strjittekast yn Ljouwert en it ynfieren fan in meterkast bij de bakkerij yn Stiens. Neist dizze projekten kinne jo bij Koning installatietechniek ek terjochte foar flierferwaarming, sinnepanelen, sintrale ferwaarming en waarmtepompen. De waarmtepomp is in manier fan ferwaarmjen wêrby jo in soad jild besparje kinne op jo enerzjyrekken en dy goed is foar it miljeu. Op de webside wurd dit ferhaal fierder útdjippe. Dus as jo nijsgjirrich wurden binne nei dit ferhaal, as nei de oare ferhalen en foto’s. Sjoch dan efkes op de webside fan Koning installatietechniek en wa wit sitte se binnenkoart bij jo ûnder de flier as yn de meterkast. Jo kinne foar alles bij harren terjochte.
www.koninginstallatie.nl
(BD)

SDS League

De SDS League is 3 wiken dwaande en it is Feiko Broersma dy ‘t mei “GVR” op kop stiet krekt foar Durk Okkema mei “FC DWOpke”. Wy sille ris efkes by him heare.

Opstelling “GVR”:
Mulder(HEE), Gouweleeuw(AZ), Van Beek(FEY) Marcellis(PEC), Diks(VIT), Klaassen(AJA), Ziyech(TWE), Falkenburg(WII), Havenaar(ADO), De Leeuw(GRO en De Jong(PSV).

Sjochsto ek op fan de prestaasjes fan dyn team?
Nee, ik hie fuort wol in goed gefoel bij myn 11 spilers. Wol is it sa dat je mei de ‘gokjes’, de lêste twa of trije spilers dy’t je kieze, altiten wat gelok hawwe moatte dat dy krekt de punten pakke dy asto nedich hast om it ferskil te meitsjen mei de oare teams. Sa skoarden Falkenburg en Havenaar 2x yn in wykein en hawwe myn ferdedigers al faak de ‘nul’ hâlden.

Wat my opfoel wie dat dyn spitsen de lêste 2 wiken net skoord hawwe en do dochs safolle punten pakst.
Undertusken bin ik al moai wat jierren by SDS en haw ik dus ek al faak mei dien oan de SDS League. Wat ik deryn sjoen haw is dat de ferdedigers de measte punten helje kinne troch de nul te halden, mar foaral ek om gjin minpunten te krijen troch de tsjin doelpunten te beperken. Ik tink derom dat ik ek sûnder de spitsen in soad punten helle haw.

Kiesto omdasto sels ferdediger bist ek mear foar in solide ferdediging?
Ha, ha! Net direkt dêr om, mar mear om de kans op punten grutter te meitsjen en de kans op de minpunten sa lyts mogelijk te halden. Ik tink dat de winner fan de SDS League meastal de measte punten hellet mei de ferdedigers, troch de puntentelling dy’t jild foar dit spultsje.

Wêr stiet GVR eins foar?
Foarhinne bij it keatsen wie ik altiten ien of twa koppen grutter as alle oare jongens en meastentiids wie ik wol freonlik en aardich foar iederien. Derom haw in pear froulju ea betocht op in keatskamp dat se my mar GVR neame moasten, wat stiet foar “Grote Vriendelijke Reus”. Dat fûn ik wol moai, dus fandêr dat ik dy bynamme noch wolris brûk foar ûnder oare de SDS League.

Wa wolsto yn elts gefal ûnder dy hâlde yn dizze SDS League?

No at it sa goed giet it leafst iederien, mar yn elts gefal myn broerke Grietzen. It is altiten leuk om efkes te sjen wa't fan de twa der heger stiet, al moat ik eerlijk sizze dat hij ek faak heech eindigt. Ek no hat der wer eltse wike hast like folle punten en sjoch ik him wol wer yn de top 10 eindigjen. Derneist ek beslist foar Dooitze, want oars moat we dat yn de klaaiboks of tidens it striken noch regelmatich oanheare.

Hasto alris earder in priis pakt yn de SDS-League?
Ik haw alris 2e, 3e en 5e west tocht ik, dus it wurdt wol tiid om ris foar de oerwinning te gean. Wa wit slagget it dit seizoen!

Noch mar in hiel soad súkses tawinske!

(WW)

GERBRANDY
HEIBEDRIJF
is Geheid Heien!!!
It Stalt 19
8731 EA Wommels
Telefoon (0515) 333337
Fax (0515) 333211
Mobiel 06 - 53234548

DE GREIDHOEKE
Sportkafé – Sporthal - Easterein
beoefenje
Sport
oanmoedigje
hjirnei bytanke
by Titus

Hite nútsjes

It plan is dat SDS A1 op it ein fan it seizoen nei in bûtenlans toernoai giet. Dit soe my machtich lykje. It docht de teamgeest goed en it is in erfaring dy 't je je libben net wer ferjitte. Do bist yn de jeugd dochs ek wol nei bûtenlanse toernoaien west?
Wy binne nei Esbjerg (Denemarken) en Roeselare (België) west. Geweldich moaie tiid. Bynammen it meiinoar opbringen fan it jild troch aksjes sa as autowaskjen, flessen sammelje ensafuorthinne makke fan us groep in mateploech dy't in soad foarelkoar oer hie. Dat betelle him ut yn de kompetysje, mar ek by de toernoaien, want we ha ferskeidene kearen wûn fan tsjinstanners dy't kwalitatyf better wienen. Erfarings dy't je alle fuotballers tawinskje.

Hasto noch tips foar de lju dy dit organisere wolle?
Meiinoar de skouders der ûnder, mei in dudlike struktuer yn de organisaasje. Wy hienen in kommisje dy't bestie ut de technyske staf en in oantal spilers. De spilers wikselden nei ferrin fan tiid mei oare spilers. Kontinuiteit fanut de staf mei dielde ferantwurdlikheid fanut de spilersgroep. En neist al it serieuze geregel op syn tiid in feessie. Mei syn allen in Fristi as in kola, wat spikerslaan en dom ouwehoere.

De kantine wurdt tongersdeitejûns stadichoan wer better besocht en docht my hieltiten mear weromtinken oan âlde tiden. De muzyk stiet oan en de lêste twa kearen gie de kantine wer ris nei tolven ticht. Sjogge wy dy ynkoarten ek wer ris nei sitten?
Dêr kin ik gjin utspraken oer dwaan.

In FIFA-2016-X-Boxtoernoai foar de jeugd liket my ek wol leuk. Hasto dat ek wat yn de fingers? Ik probearje wolris in potsje tsjin de bern, mar meastentiids gean ik de bitenbrêge op.
Ik ha dizze boat mist. Op ien oft oare wize hat it noait echt myn oandacht hand en dus hak dizze 'skills' ek net. Mar foar bern en wat gruttere bern sa as Jaap en Jan is it in bron fan fermaak.

Witsto oars ek noch wat aardichs om te organiseren? Witst miskien noch in ynteressante sprekker of sa?
It liket my aardich as we wer ris op syk gean nei de fuotbalprofessor fan SDS. Aant en Freddy ha dat fan 2004 oant 2007 op treflike wize organisearre. It wienen kostelike jûntsjes mei in goeie miks tusken kennis en fermaak. As sprekkers soe ik de mannen fan 'Hard Gras' wolris op besite ha wolle, mar immen sa as Gerard van de Belt liket my ek nijskjirrich ta.

Foar wa bisto kommende simmer? Albanië? Noard-Ierlân? Wales? IIslân miskien?
Ik bin foar de Belgen! Wat hawwe dy in geweldige leuke ploech. Dêrneist docht it my goed dat sy it nei hiel wat meagere jierren it no sa goed dogge. Wy as Nederlân kinne ús dêr moai oan spegelje. De skiednis hat ús leard dat België en Nederlân mekoar dêr yn ôfwikselje. Nederlân 2e op WK's fan '74 en '78 en België siet thús, België die mei oan de WK's fan '82 en '86 (4e) en doe wienen de Nederlanders op fakansje om ferfolgens yn 1988 Europees kampioen te wurden wylst de Belgen op it strân leinen. Ik tink allinnich wol dat wy it WK yn Ruslân yn 2018 ek wol op ús búk skriuwe kinne……. Lyk mar boykotte dat WK soe ik sizze, dan hoefe wy dy martelgang ek net troch te meitsjen…..

Wat fynsto eins fan de seleksjes dy't Danny Blind oant no ta oproppen hat?
It is op it stuit dreech om in goeie seleksje gear te stallen. Ús toppers yn de Eredivisie binne noch te licht en dy yn it bûtenlân sitte stik foar stik op de bank. Tsjin Turkije gie Blind dan ek raar it bosk yn mei Martins Indi, Van der Wiel en Promes. Tsjin Kazachstan like it al better mei Van Dijk en El Ghazi. Sawiesa moat Promes mar nea wer mei. Hy hat de minste statistiken fan alle Nederlânse ynternationals ea. Hy hat ynmiddels 6 ynterlands spile. En allegear ferlern……

Hoe sjochsto tsjin de stân fan saken yn de Earedivyzje oan?
De kwaliteit is dan miskien net altiten om nei hûs te skriuwen, mar it wurdt dit jier tige spannend yn de Earedivyzje. Boppe-yn tusken de Ajax, PSV en Feyenoord en ûnderyn mei SC Cambuur en SC Heerenveen……

"Wa" wit is it by SC Heerenveen al gau wer ien grutte "Happy Family"

Meisto noch wol graach Sjinees?
Op syn tiid les ik wol in bakje Sjinees, dat ik dan mei de foarke nei binnen skow, mei stokjes ite liket my dreech genôch.
Wat do?
Ik doel fansels op de Sjineze ynfaasje by ús sc Heerenveen. Dit liket my alderaardichst! Sa 't der ek al sein waard deo 't wy lytse protters wienen; "yn wezen binne wy allegear Sjinezen!" SC Heerenveen kin moai yn deselde sjurts spyljen bliuwe mei ynstee fan de pompeblêden reade draakjes, it restaurant by it Abe-Lenstra-stadion wurdt in grut Sjinees-Wok-restaurant en "Wa" wit is it by SC Heerenveen al gau wer ien grutte "Happy Family". Noflik yn de rêst fan in wedstryd wat miniloempiaatsjes en nei de wedstryd kinne wy hearlik ien keapje ûnder it genot fan wat Sjinese nútsjemiks en flammetjes en rekkenje der mar op dat sy ek ûntyglik hite nútsjes servere……

Kees'Kollum; S-N-O-R langs de lijn

Leeftiidsgenoaten, pas op! Nei de patatgeneraasje binne no wy de klos. We wurde bestempeld as de ja-maar generaasje. In generaasje dy't der niks fan bakt, sels gjin patat. Dat kaam allegjear oan it ljocht troch dat foutsje fan Darryl Janmaat, út yn Tsjechië.
Hoe djipper de krisis, des te lûder de rop om feroaringen. It nakende gemis fan in bos woartels op de kop, ergens op de camping yn midden Frankryk oankommende simmer, docht it ergste vrezen. Fred Rutten hellet yn de VI al út nei de fysieke luiichhied fan ús. It blykt dat oerenlang FIFA spylje hielendal gjin goeie aktiviteit is. Erger noch is dat trainers de spilers fiersten te folle ferantwurdelikheid jûn hawwe. Oan ús waard frege hoe we in probleem sels oplosse soenen yn it fjild. Helemaal fout! We kinne sels net neitinke. In trainer moat ús alles útlizze oan it fiterjen ta. Wierskynlik binne wy as Ja-maar generaasje al gruttendiels ferlern. Itselde kin sein wurde fan de generaasje trainers dy't ús makke hat sa as wy binne.
